



de Earn

Nijsbrief fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld
Jiergong 11, nûmer 39, maart 2008

Maityd 2008

As dit nûmer fan de Earn ferskynt, dan is it noch net earlik maityd. Mar as wy om ús hinne sjogge yn de natoer, dan begjint it der al aardich op te lykjen. Peaske falt dit jier betiid, dat sadwaande sitte wy ek al betiid yn de 40-dagen dy't oan dit feest foarôfgeane. De tsjerklike kalinder en it moaie waar jouwe jin it gefoel, dat it al sa'n bytsje iere maityd is. Wat de gemeente oanbelanget, sjogge wy út nei Peaske. Yn de 40-dagetiid steane wy stil by it lijen: benammen it lijen fan minsken. Yn de tsjinst op Goed Freed lêze wy it lijensevangelje en betinke wy lijen en dea fan Jezus. Peaske lykwols is it feest fan de ferrizenis fan Jezus, wat dat ek betsjutte mei. Wy fiere dan dat er libbet en dat er by ús is, alle dagen.



Oer it leauwen yn in God dy't net 'bestiet' nei oanlieding fan it boek fan Klaas Hendrikse

Skriftlêzings: I Keningen 8:1-12;
Johannes 4: 4-26

Der is op it heden in soad te dwaan oer it boekje *Geloven in een God die niet bestaat* fan Klaas Hendrikse, dûmny yn Middelburg en Zierikzee. In dûmny, dy't neffens syn eigen sizzen op in ateïstyske wize yn God leaut. Hendrikse hat al in kear as wat op de tillefyzje west. En mei syn boek hat er blykber hiel wat losmakke. Dat docht

Ier en betiid

Ier en betiid
de sinne kaam op
de ierde waard wekker
in nije dei begûn

Ier en betiid
wiene der minsken
mei harren fertriet
Hja sochten om treast
en fûnen in leech grêf

Ier en betiid
blik de dea ferdwûn:
Hy is hjir net
hy giet dy foar

Ier en betiid
ferwaarme de sinne de ierde
de kjeld ferdreaun
de tsjusternis foarby:
Hy libbet

Ier en betiid
begûn by it lege grêf
nij libben
foar him

Sûnt dy Peaskemoarn
mei ik leauwe
yn nij libben
foar ús
foar dy
foar my

Theo Vertelman (oers. R, Klooster)

blik út it omtinken dat it boek rûnom kriget. Foaral minsken dy't it boek net lêzen hawwe, dy hawwe it grutste wurd, sa krij ik de yndruk.

Om't de fragen dêr't dit boek oer giet net nij binne en my wol fertroud, fûn ik it yn earsten net nedich om it te lêzen, lit stean te keapjen. Mar om't sa'n protte minsken it deroer hawwe, en ik it fan immen te lien krije koe, haw ik it ferline wike dan mar ris lêzen. Stiet der in soad nijs yn? Nee, dat net. Bin ik it der mei iens? Ja, yn grutte linen wol. Ik soe it allinne wat oars formulearje. Mar ik tink dat it in goed ding is, dat der wer ris omtinken is

Preekrige

Tsjinsten fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân binne yn 'e Herfoarme Tsjerke. As by mienskiplike tsjinsten Herf. stiet, binne se yn 'e Herfoarme tsjerke. Griff. betsjut yn 'e Griffomearde tsjerke.

16 maart	9.30 oere	Ds. J.G. Arendsman, Gerkeskleaster	Hollânske tsjinst, mienskiplik yn 'e Griff. Tsjerke
21 maart	19.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst, Goed Freed tsjinst mei brea en wyn
23 maart	9.30 oere	Drs. Y. Hiemstra, Feanwâlden	Fryske tsjinst, Peaske
30 maart	9.30 oere	Ds. J. Zonneveld, It H'fean	Fryske tsjinst
6 april	9.30 oere	Ds. K. Visbeek, De Westerein	Frysk Oek. Wurkferbân
13 april	9.30 oere	Ds. H. Wagenaar, Wurdum	Fryske tsjinst,
20 april	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst
27 april	9.30 oere	Ds. P. Hekstra, Ljouwert	Fryske tsjinst
4 maaie	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Frysk Oek. Wurkferbân
11 maaie	9.30 oere	Frou I. Bouwhuis-Minnema, De Jouwer	Fryske tsjinst, Pinkster
18 maaie	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst,
25 maaie	9.30 oere	Dhr. L. Durksz, Surhústerfean	Fryske tsjinst,
1 juny	9.30 oere	Drs. J. Veenstra, De Rottefalle	Frysk Oek. Wurkferbân
8 juny	9.30 oere	Ds. A. Terlouw, Dronryp	Fryske tsjinst
15 juny	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst
22 juny	9.30 oere	Ds. K. Visbeek, De Westerein	Fryske tsjinst
29 juny	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst
6 july	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Frysk Oek. Wurkferbân tsjinst mei brea en wyn

Peaskekollekte Earnewâld

Mei koarten wurdt wer de jierlikse Peaskekollekte hâlden. Wy dogge dan in berop op de goederjouskens fan alle gearre dy't har by ús gemeente betruksen fiele. De minsken freegje har wolris ôf, wêr't dat jild oan bestege wurdt en wat de tsjerke krekt docht. It is sa dat út de tsjerkekas de gebouwen (tsjerke, konsistoarje) en it tsjerkhôf ûnderhâlden wurde.

Fierders wurdt de dûmny derfan betelle. Sa kin de Earnewâldster tsjerke funksjonearre:

- alle sneinen is der in tsjinst (al of net yn gearwurking mei de griffomearde tsjerke dan wol mei it Frysk Oekumenysk Wurkferbân);
- somtiden binne der bysûndere tsjinsten, lykas troutsjinsten en routsjinsten;
- op de Frankeskoalle wurdt godstsjinstûnderwiis fersoarge foar de 'iepenbiere' streaming;
- winterdei binne der praatrûnten oer geastlike ûnderwerpen;
- der is pastorale soarch, yn prinsipe foar elkenien dy't der ferlet fan hat.

Takom jier sille wy by wize fan proef de frijwillige bydrage wat earder ophelje, om't wy dan meidogge oan de aksje 'Kerkbalans'. Ut de lanlike tsjerke wei wurde yn jannewaris de aksjes foar it pleatslike tsjerkewurk stipe troch der omtinken oan te jaan yn de media.

De keunst fan it libben

Alle jierren hâlde wy ien of twa kear in spesjale tsjinst yn Earnewâld, ornaris mei muzyk.

Op 3 febrewaris lêstlyn hiene wy in koar út Wurdum, dat in spesjale sjongstjinst oer it boek Preker útfierde mei as titel 'de keunst fan it libben.' De tsjinst wie basearre op teksten fan Eppie Dam en muzyk fan Hindrik van der Meer. Foargongster wie Yvonne Hiemstra, dy't de ferbinende teksten foarlies.

It hat ús sa goed foldien dat wy it koar daalk nei ôfrin fan de tsjinst útnoege hawwe om takom jier wer te kommen mei in oare tsjinst fan it duo Dam/van der Meer.

In prachtige útfiering mei moaie (en noflik sjongsume) muzyk op moderne teksten, dy't boppedat tige passe by de sfear fan Earnewâld en it Wurkferbân.

Kofjedrinken

Nei de tsjinst fan 1 juny sille wy nei de tsjinst mei-elkoar in kopke kofje drinke.

Elkenien is tige wolkom by dizze noflikke neisit.

Kopijdatum

Kopij foar it oare nûmer fan 'e *Earu* graach ynleverje foar 15 juny 2008.

foar de fraach nei it hoe en it wat fan it 'bestean' fan God.

Ik ferbaas my deroer wat sa'n boek losmeitsje kin. 'De man is in ketter', sa is de klassis Zierikzee fan oardiel en hat syn geskrift oanklage by de synoade. Mar de synoade wol him de hannen der net oan baarne, wol ek gjin petear en seit: 'Jim moatte der yn de klassis mar oer prate'.

In ketter dus. Keters hearre fanâlds op de brânsteapel. De tsjerke hat in reputaasje op dat gebiet. En Farizeeërs, dy sitte foarop yn tsjerke. Ek op dat gebiet hat de tsjerke in reputaasje. Yn alle gefallen bin ik benijd hoe't dit komme sil, want tsjerklike leartuchtkwestjes meitsje in soad los. En ûnrêst yn de tsjerke, dêr sit de synoade net om te springen.

Wêr komt it leauwen wei?

'Leauwe yn in God dy't net bestiet', sa is de titel fan it boek. Hendrikse seit: ik leau net dat God bestiet, sa't oare dingen om ús hinne besteane. God 'bestiet' net. En dan set er net in punt, mar in komma. Want, seit er: 'Ik leau wol yn God'.

Hoe kin dat? Slút dat elkoar net út?

In nijsgjirrige fraach om oer nei te tinken.

Wy sitte hjir fan 'e moarn allegearre as leauwige minsken: wy leauwe yn God.

Oars sieten wy hjir net. En oars stie ik hjir net.

Koe ik myn wurk net iensen dwaan. Wat myn eigen leauwen yn God oanbelanget, dat sit hiel djip en dat datearret ek al fan hiel lang lyn. It is begûn mei in berneferske. It alderearste ferske dat ik as jonkje fan seis jier learde op skoalle:

God is altijd bij mij,

Hoor, wat ik vertel

In al mijn doen en denken

Al mijn werk en spel

Wa't it ferske skreaun hat en wêr't it ferske weikomt, dat wit ik net. Mar it is my altiten bybleaun en it stiet om samar te sizzen oan de basis fan myn persoanlike leauwen.

En dêrmei bedoel ik it djippe besef dat Hy, de Ivige altiten op ien of oare wize ticht by my is. Hoe't dat krekt sit, dêr koe ik as bern fan seis gjin ferklearing foar jaan, en dat kin no, sa'n 54 jier letter, noch net.

In byld fan God: dûmny Klooster

Mar goed, yn de santiger jierren studearre ik teology. En by de tsjerklike oplieding moasten wy ek kennis nimme fan de belidenisgeskriften. Sa krige ik ûnder eagen wat der stiet yn de Nederlandse Geloofsbelijdenis út 1561.

En lies dêr yn Artikel 1 oer *De Enige God* dizze wurden:

'Wij geloven allen met het hart en belijden met de mond, dat er is een enig en eenvoudig

geestelijk Wezen, dat wij God noemen: eeuwig, ondoordringelijk, onzienlijk, onveranderlijk, almachtig, volkomen wijs, rechtvaardig, goed en een zeer overvloedige bron van al het goede.'

Sa waard it formulearre yn 1561. Dit is gjin bibeltaal. Yn de formulearring fan dit Godsbyld sit frijwat dat ûntliend is oan de Grykske filosofy. God 'is', mei oare wurden. Hy 'bestiet' as *enig en eenvoudig geestelijk Wezen: eeuwig, onveranderlijk, almachtig.*

Ik tink dat wy allegearre wol wat meikrige hawwe fan dizze Godsfoarstelling, mar dat wy it stik foar stik dochs ek wer op in eigen en persoanlike wize ferarbeide hawwe. Want leauwen is wat persoanliks. En it byld fan God dat wy hawwe, feroaret al neffens de dingen dy't wy meimeitsje yn it libben.

Bern op skoalle freegje my wolris, hoe't God derút sjocht. Ik freegje dan: 'Wat tinkst sels?' En altiten wer fernim ik dat bern har God foarstelle as in âld man mei in griis burd, dy't earne tusken de wolken tahâldt. 'Liket er op Sinteklaas?' freegje ik dan. 'Ja, mar ek wol op dûmny', krij ik dan as antwurd (hoe faak mei in minske sa'n komplemint barre).

Foar bern bestiet God dus substansjeel, konkreet, suver hast stoflik. En it soe wolris wêzen kinne, dat frijwat minsken dat byld út de bernejierrren by har hâlde. En al neffens dat byld bestiet God yn harren foarstellings, mar foar har gefoel ek yn werklikheid.

Hoe bestiet God dan?

En no is der yn Seelân in dûmny dy't seit: 'God 'bestiet' net. Men soe hast sizze: it liket wat op de teloarstelling dy't bern oprinne, as se der op in kweade dei efter komme dat Sinteklaas net echt bestiet en dat se eins mar wat foar de gek hâlden binne.

Mar dy fergeliking giet net op.

Want Hendrikse seit: '*Van God kun je niet zeggen dat hij bestaat, nee, God "gebeurt"*'. Wat bedoelt er te sizzen? En it is hiel wichtich om goed nei him te harkjen.

Kin men bygelyks sizze dat 'gerjochtichheid' bestiet? Kin men sizze dat leafde 'bestiet'? Kin men 'gerjochtichheid' of 'leafde' fêstpakke? Nee, want it is net 'substansjeel'.

'Gerjochtichheid' is eat dat *bart*. It bart tusken minsken, yn in maatskippij. Mei 'leafde' is dat ek sa. It is in barren tusken twa minsken. Mar it is net te gripen, sels net ûnder wurden te bringen. Want wat binne wurden?

En God, seit Hendrikse, is allyksa in *barren* tusken minsken of hiel persoanlik yn in minske. En dat wat wy God neame, hat altyd te krijen mei hiele djippe en kostbere gefoelens. En wat

dat krekt is, dat is te grut om yn wurden te sizzen. Mar Hy is der. Hy is der as dejinge dy't by ús is en mei ús mei giet yn dit libben. Dat is in bibelske, in Joadske gedachte. En ek in kristlike gedachte. Mar freegje net hoe't dat krekt sit. Want it godlike is te grut om ûnder wurden te bringen yn lytsminsklike wurden. Wurden, minsklike foarstellings, hoe moai en ferheven oft se ek binne, se sjitte altiten te koart. God is altiten mear en oars.

God bliuwt in geheim

Wy hawwe in stik lêzen út 1 Keningen 8. It giet dêr oer de bou fan de timpel yn Jeruzalim troch kening Salomo. De timpel dy't de âlde tinte ferfangt, jildt as it hûs fan de Heare yn it midden fan syn folk.

En dan giet it ek oer de gouden arke, de kiste mei dêryn de beide stienen platen mei de tsien wurden deryn gravearre, dy't Moazes op de berch Hoareb fan God krige hie. Dy gouden kiste kriget in plak yn it Alderhillichste, d.w.s. de tsjustere romte yn it binnenste fan de timpel. Twa kearûb-ingels steane oan wjerkanten fan de kiste of op it deksel, dat is my net hielendal dúdlik. Ik kom der daliks op werom.

En dan stiet der:

'Doe't no de prysters út it hillichdom kamen, waard it hûs fan de Heare fol fan in wolk. Om dy wolk koene de prysters net op har post bliuwe om tsjinst te dwaan, want de hearlikheid fan de Heare naam syn timpel hielendal yn beslach'.

Yn bydzjende taal wurd hjir ferteld dat de Ivige God hjir syn wenstee hat. Yn bylden en symboalen, lykas in wolk, lykas de 'godlike hearlikheid'. Mar it wêzen fan God sels, dat bliuwt in geheim.

En no dy ingelfigueren as op of neist dy gouden kiste yn it binnenste fan de timpel, it Alderhillichste. Dêr hearde eins in byld te stean fan de god oan wa't de timpel wijd wie. By de folken om Israël hinne, wie dat gebrûklik. Yn de timpel yn Jeruzalim wie dat sa net. It plak fan it byld wie leech!

Wat wol dat sizze? Ik tink dat dat sizze wol: Hy is der wol. By syn folk hat er syn wenstee. Mar Hy is der op in hiele oare wize as wy tinke. En noait, mar dan ek noait sil er talitte dat wy oer him beskikke. Noait lit er him bine oan bylden en foarstellings fan minsken. Ek net oan in tsjerklike lear. Dat moatte wy goed begripe.

Jezus oer God

Dan geane wy no nei it ferhaal yn Johannes 4: it petear tusken Jezus en in Samaritaanske frou. Op himsels is it al hiel eigenaardich dat Jezus as Joad ferkeart yn it Samaritaanske lân. Joaden en Samaritanen gongen net mei-inoar

om en hienen beide in eigen timpel.

Noch eigenaardiger is dat er praat mei in frou. Mar it petear dat er mei har hat, is tige nijsgjirrich. It spilet him ôf by in wetterput.

Jezus freget dy frou om wat wetter foar him út dy put te heljen. De frou begrypt net hoe't in Joadske man har soks freegje kin.

As jo wisten wa't it is dy't jo dit freget, seit Jezus en hy begjint oer it libbene wetter, dat hysels jout. Yn it petear dat ûntstiet, kriget de frou it gefoel dat dit net samar in persoan is.

En dan giet it ús benammen om wat Jezus dan tsjin dy frou seit. Hy seit: it plak dêr giet it net om, want de wiere ferearders ferearje myn Heit yn Geast en wierheid. Dêr komt it op oan.

Sokke ferearders siket myn Heit.

En dan docht Jezus de útspraak: 'God is Geast, en dy't him ferearje, moatte dat dwaan yn Geast en wierheid'.

'Ja, as de Messias komt, sil er ús dat oansizze', seit de frou.

'Ik dy't mei jo praat, bin it', seit Jezus.

Dat is in prachtich momint yn it petear.

Mar wê't it my om giet, dat is dy útspraak fan Jezus: 'God is Geast'.


As de bern op skoalle my freegje: 'Hoe sjocht God derút?' dan jou ik steefêst dit antwurd:

'Wy kinne ús God net foarstelle. God is Geast'.

En ik lis dan út dat al yn de timpel syn plak tusken dy beide ingels leech wie.

'Mar dûmny, bestiet God dan net echt?'

Ik sis dan: jawol, mar op in manier dy't wy net ûnder wurden bringe kinne.



Wa kin dit gefoel beskriuwe?

En dan sis ik: 'It is krekt as mei "leafde".

It is in wurd. Mar it giet om it gefoel.

Mar beskriuwe dat gefoel mar ris. Dat waarme

en djippe gefoel dat minsken bynt. Is it 'waarm'

en 'djip'. Mar dat binne ommers mar wurden.

Mar it gefoel fan leafde dat minsken foar elkoar

ha, foar dy ha, it is hiel belangryk, mar beskriuwe it mar ris. Bestiet it? Ja, it bestiet wol, mar hoe?'

Sa plat as in dûbeltsje

Mei God is dat ek sa. God is lykas in gefoel fan leafde en waarmte en goedens om jin hinne. It hat mei feilichheid te meitsjen, burgen wêze, mei ynderlike krêft, mei treast en mei libbensmoed, mei ynspiraasje, mei akseptaasje (do meist der wêze) en mei hieltiten wer in nij begjin. Ek mei it besef fan goed en kwea. Mar it is mear as dat en lit him net omskriuwe. It is in geheimenis. 'God is Geast', seit Jezus.

Ik soe sizze wolle: Wat wy God neame, hat te krijen mei in ynderlik belibjen, in mystyk belibjen.

Somtiden te belibjen en dan mear yn de stilte as yn de drokte.

In ynderlike stim, in hiel djip gefoel fan ferbûnens.

In stim dy't rjochting jout oan jins bestean.

In stim dy't jin ynspirearret en de moed jout om der te wêzen as minske mei en foar oare minsken.

En dêr, yn wat minsken foar elkoar betsjutte, dêr bart it. Yn it goede dat der bart, dêr is God. Dat is de djipste laach fan it leauwen.

Mar dan no de fraach: Bestiet God no echt of bestiet er net echt! (As gong it om soks as it bestean fan Sinteklaas)

Gemeente, wat dy kreuwerij yn de tsjerke oanbelanget oer de fraach nei it 'bestean' fan God, it sil jim net ferbaze as ik sis: 'Ik fyn it sa plat as in dûbeltsje'.

Ik wol dan ek beslute mei de wurden fan Jezus: 'De tiid komt en is der no al, dat de wiere ferearders myn Heit yn 'e Geast en yn wierheid ferearje sille; want myn Heit is der op út sokke ferearders te finen.

God is Geast en dy't Him ferearje, moatte dat dwaan yn de Geast en yn wierheid'.

Amen.

Rienk Klooster

De tekst fan de lieten 323, 491 en 162, dy't ik yn de tsjinst sjonge litten haw, ferwurdzje eins ek wat ik yn de preek sein haw.

Joadske spreuken

Hâld neat foar ûnmooglik foardat bliken dien hat dat it ûnmooglik is.

Gjin dei is te lang foar ien dy't arbeidet.

Dy't him lilk makket, hat ûngelyk.

Jitris: leauwe yn in God dy 't net bestiet?

Lykas eartiids doe't Kuitert syn boek 'Het Algemeen Betwijfeld Christelijk Geloof' útbrocht en doe 't Cees den Heyer syn ideeën oer de fersoeninglear presintearre, sa stiet 'Kristlik Nederlân' no wer op 'e kop, liket it wol.

Wat is der te rêden? De Sieuske dûmny Klaas Hendrikse hat in boek publisearre. De titel? 'Geloven in een God die niet bestaat.'

De Trouw stiet fol fan diskusjestikken oer dit boek, de PKN hat witte litten net yn debat te wollen mei Hendrikse en guon minsken begripe it net mear. Wat is der oan de hân?

It âlde godsbyld foldocht net mear

Eins net safolle tink ik. Doe 't Hendrikse op 4 novimber 2006 yn Trouw in artikel publisearre mei as titel 'De atheïstische dominee spreek' fûn ik dat in hiel aardich ferhaal.

Hendrikse stelt dat it wurd leauwen eins altyd ferbûn wurdt mei it leauwen yn God. Mar hy stelt himsels de fraach: wat of wa is God no eins? Hendrikse stelt dat wy as minsken it godsbegryp net ynfolje moatte en dat it leauwen yn in God dy 't Almachtich is, net te ferdigenjen is. In God dy't bestean soe as in hearsker oer wrâld en minsken, kin net bestean. Sa'n God hat gjin besteansrjocht. Allinnich al sjoen it feit dat wy dêr as minsken mei yn de problemen komme.

Ik ferwiis bygelyks nei de preek dy't Rienk Klooster hâlden hat oer Gods' Almacht.

Ik sitearje: *Mar minsken dy't in bytsje kriticysk binne, freegje har ôf, hoe't dy 'almacht' him rymje lit mei de godlike leafde, dêr't de bibel sa fol fan stiet? Want as God sa 'leafdefol' is, wêrom lit er dan minsken krepearje oan kanker of oan MS?*

Ferlet fan in nij godsbyld

Hendrikse wol ta nei in begryp fan God *net as immen dy 't bestiet*, mar as *eat dat bart*. En as hy dat sa stelt, kin ik dat allinnich mar mei him iens wêze. Wêrom dan dy opskuor yn tsjerklik Nederlân? It idee fan Hendrikse is eins al hiel âld en hiel goed bibelsk te tsjuten. Doe 't Moazes op de Sinai de tsien wurden krige, sei de Ivige: 'As jim jim hâlde en drage neffens myn geboaden, dán bin ik jimme ta God'. God is dus allinnich God as der minsken binne dy't 'ja' tsjin Him sizze. As minsken har morele gedrach sa foarm jouwe, dat it yn oerienstimming is mei wat 'goed' is, dán sil it Ryk fan God sichtber wurde, sa preke Jezus. As minsken it sitte litte, dan is God gjin God. It tiidwurd 'dwaan' is it meast foarkommende tiidwurd dat Jezus brûkt

ferfolch op side 7

Nij karbrief foar it FOWE Earnewâldster Rûnte

Neidat al ûnder lieding fan ús foarige foarsitter Doeke Faber yngeand neitocht wie oer grûnslaggen en doelstellingen fan it Wurkferbân, hat it bestjoer yn jannewaris 2008 in nije tekst fan it karbrief fêststeld. It earste karbrief wie ham en gram oernommen fan Hegebeintum en guon dingen fûnen wy net hiel praktysk. Boppedat binne der mei yngong fan 2008 nije regels kommen foar ANBI's (Algemeen Nut Beogende Instellingen), dy't wy ek yn it karbrief ferwurkje woenen.

Yn maart 2008 sil de akte fan it nije karbrief passearre wurde by notaris Veerman yn Bûtenpost. Dy't graach in kopy fan it nije karbrief hawwe wol, kin dat opfreesje by de skriuwer, Tine van Minnen.
(tine.vanminnen@kpnplanet.nl)

It bestjoer

Lêzingen oer de Islam

Nei oanlieding fan de lêzingen op de ER oer de Islam ha wy ek in twatal praatjûnen hâlden oer dit ûnderwerp. Ynlidster wie Yvonne Hiemstra en beide jûnen wiene goed besocht: ús Herfoarme gebouke wie hast te lyts. Se hawwe my tige goed foldien en ik leau dat ek de oare dielnimmers dat fûnen. It foardiel boppe de Earnewâldster Rûnte wie, dat wy wat mear ynformaasje krigen (Yvonne hie in knappe gearfetting makke fan in tal kearn- begripen út de Islam) en dat der troch de lytsere groep, mear romte wie foar diskusje. Boppedat hie iksels op de ER it gefoel dat ús beide sprekkers oer de Islam (Mintjes en van Bommel) sa mijen wiene yn har útspraken, dat der net folle diskusje los kaam. Mooglik dat soks ek komt om't elke diskusje oer de Islam op dit stuit op fûle tsjinstellings en fiks debat rekkenje mei. Ik hie it gefoel dat beide sprekkers wat ferstuvere wiene fan de kalme reaksje en it noflikke publyk fan de ER.

Op de twadde jûn krigen wy ta beslút noch in hiele nijsgjirrige lêzing fan Eibert van der Veen oer hiele positive punten fan de Islam. Doe't yn de Midsieuwen de wittenskip yn it Westen op de kont lei, ha Islamityske gelearden dêr de âlde kennis fan de Griken yn stân hâlden en dêr op trochstudearre. Spitigernôch is de gouden tiid fan de Islam letter ta in ein kommen troch de ynfallen fan primitive Turkske en Mongoalske stammen.

Al mei al: tige de muoite wurdich.

Jan Lautenbach

Op 4 maart lêstlyn hat de lêste lêzing west fan it seizoen 2007 - 2008. Foar it jier 2008 – 2009 hat de Earnewâldster Rûnte as tema keazen:

'It kwea as macht en realiteit'

De data foar dat seizoen mei de byhearrende sprekkers binne:

30 septimber 2008 **Drs. J. Greven**

Oer it kwea: macht fan bûten ôf of sit it yn de minske?

4 novimber 2008 **Dr. J.H. Laenen**

Oer goed en kwea yn 'e joadske mystyk.

9 desimber 2008 **Prof. dr. E.H. van Olst**

'It goede libben en it kwea', oer de fraach nei it kwea yn wiisgearich perspektyf.

13 jannewaris 2009 **Drs. H.G. Posthuma**

De manier fan omgean mei it kwea yn 'e Kristlike, westerske tradysje yn fergeliking mei de manier fan omgean mei it kwea yn 'e boeddhistyske, easterske tradysje.

24 febrewaris 2009 **Dr. T. Hoekstra**

De wrâldeconomy as it kristallen paleis fan ús behoeftebefrediging.

24 maart 2009 **Drs. B.K. Dertien**

De minske as boarne: it kwea yn 'e natuer.

Yntekening kin allinne troch € 25,00 p.p. oer te meitsjen op banknûmer 29. 89. 25. 664 fan de 'Earnewâldster Rûnte', Aldwâld, mei fermelding: seizoen 2008 - 2009.

It definitive program wurdt jim ein augustus of begjin septimber tastjoerd.

Kontaktadres: Tine van Minnen, Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld. Till. 06 – 20 60 04 09

E-post: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Iepen hûs

It iepen hûs dat ferline jier yn de Herfoarme tsjerke te Earnewâld hâlden is, foel tige yn de smaak.

Dêrom dogge wy ek dizze maityd de doarren fan de tsjerke wer in pear middeis iepen.

Dêr binne fan twa Earnewâldsters prachtige wurkstikken te besjen.

Fan Jan Hoekstra is der skoander byldzjend houtsnijwurk en fan Fonger de Vlas fotografy fan loft en lânskippen.

Beide tige de muoite wurdich.

It iepen hûs sil wêze op snein 6 en 13 april middeis fan 14.00 oant 17.00 oere.

De tagong is fergees en elkenien is fan herten wolkom.

Graach oant sjen,
It FOW Earnewâld

hat. It komt oan op minskehannen en net op de Almacht fan God.

De God fan Israël en de God fan Jezus is in 'net-God'. Oars as de Farao's fan Egypte, oars as keningen en keizers, is de God fan Israël in God dy't lyts is: de lêsten wurde de earsten, dy't neikomt giet foarop. Gjin macht, gjin pracht en praal. Sykje it net by hege mannen, lykas de psalmist sei. Kaam Jezus net op in ezel? Wosk hy net de fuotten fan syn learlingen? Almacht? In God dy't sa ferheven is boppe ús? Nee, seit Hendrikse, God bart dêr 't minsken libje yn frede en leafde. Yn dy leafde, wurdt God berne. Hendrikse seit: "Voor mij is God niet een aanbiddelijk wezen, maar iets wat met en tussen mensen kan gebeuren." God kin wêze as leafde. Leafde is net yn wurden te fangen en sa is God ek net te fangen yn in byld. Lykas de Taoïsten sizze: sa gau as men eat Tao neamt, is it gjin Tao mear.

Persoanlike God

De bibel is, om Kuitert hjir ek noch mar ris oan te heljen, gjin boek dat kant en klare antwurden jout op libbensfragen fan minsken. De bibel jout ek gjin antwurd op de fraach wa of wat God no krekt is. Minsken sykje harren sekerheid faak yn fêststeande (sniene?) bylden fan God, om't se miene dat se dan feilichheid hawwe. Mar wa kin it wêzen fan God trochgrûnje? Neffens my is it goed om te beseffen dat wy ús ferhâlde moatte ta de tradysje en dat God ek sjoen wurde kin as eat wat mei ús as minsken ûnderweis is.

In chassidyske útspraak is:

Sa spruts de Baal Shem Tov: yn de bibel wurdt net sprutsen oer: De God fan Abraham, Izaäk en Jakob. Nee, der stiet wat oars, nammentlik: De God fan Abraham, de God fan Izaäk en de God fan Jakob.

Alle kearen wer wurdt de Godsnamme op 'e nij ferbûn mei in yndividu. Dit betsjut neffens de útlis dat elk minske syn eigen paad gean moat mei God en sels sykje moat nei wa 't of wat God foar **dy persoanlik** is. Doe't Moazes frege út namme fan wa oft er nei de Farao gean moast, spruts God: myn namme is JHWH. De fjouwer letter namme. Jod Hee Waf Hee: ik bin dy't ik bin. De godsnamme wurdt hjir net fêstlein yn in byld, mar bliuwt mystearje. Dat is yn oerienstimming mei it bibelsk gedachtegoed: do silst dy gjin byld meitsje. In minske is net makke om te bûgjen foar in byld, ek net foar in godlik byld. Wy witte dus net krekt wa of wat God is, mar yn de tasizzing oan Moazes leit besletten: Ik gean mei dy mei, sa't ik mei dy meigean sil. Sa is God persoanlik tasnien op alle minsken dy't foar him iepen-

steane. God stiet foar al dy minsklike krêften dy't wy nedich hawwe om wier minsk te wêzen. God is leafde, mar gjin gouden keal, soe Hendrikse sizze kinne.

Sels lêze en neitinke

Hendrikse hat bewust alle tsjerklike taal efterwege litten en ek humor ûntbrekt net yn syn boek. Ik fûn it sels hiel boeiend en begryp de opskuor eins net sa goed. Mar lêst it boek en lûk jo eigen konklúzjes. Betink: oer alles wat skreaun wurdt troch minsken, kin (of moat?) men eigen gedachten foarmje. It giet der neffens my om, dat wy ús frij fiele nei te tinken oer wat wy sels leauwe. En dat wy de romte dy't wy sels nedich hawwe, ek gunne oan in oar. En miskien hat Hendrikse hjir wol in punt, dat dêr wol ris de kaai lizze kin foar de takomst fan de tsjerke.

Fan Kenya nei Rwanda

Sûnt in pear jier hâlde wy yn de tsjinsten fan it FOW in ekstra kollekte foar in goed doel. It earste goeie doel dat wy stipen, wie it wurk fan Ria Fennema dy't yn Kenya wurket foar de stifting Spirit of Light.

Om't it goed is foar de bewustwurding fan wat men docht en wêrom't men soks docht, binne wy fan doel de kommende tiid in oar doel te stypjen.

Nei wat harsenskrabjen kaam Age Veldboom mei ús nije kandidaat foar it ljocht.

Ds. Jan Finnema en syn frou ha in oardel jier yn Rwanda wurke, dêr't as gefolch fan it geweld tusken de Hutu 's en Tutsi 's in soad bern harheit en mem ferlern hawwe.

Sa binne se yn kontakt kommen mei de stifting Mwana Ukundwa (leaf bern yn de lokale taal) dy't gastgesinnen foar dizze bern siket en dy't soarget dat de bern nei skoalle kinne.

Fia Jan Finnema binne wy der wis fan dat it jild dêr goed te plak komt. Wy rekkenje derop dat ús lytse bydrage oan Rwanda dêr fertuten docht.

Foar mear ynformaasje, sjoch op ynternet: www.kerkinactie.nl, en sykje op Rwanda.

Joadske spreuken

It is goed om ek fan jins fijannen te learen.

It libbensgelok hinget ôf fan de kwaliteit fan jins gedachten.

Wiere wurden klinke net moai.

Dy't net yn kennis foarútgiet, giet efterút.

Adressen fan it Wurkferbân

Dr. Rienk Klooster, redaksje
Grinzerstrjitwei 34, 8921 TR Ljouwert
Till. (058) 251 94 25

E-post-adres: h.a.klooster@hccnet.nl

Tine van Minnen, skriuwster/redaksje
Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld
Till. (0511) 40 85 56 / 06-20600409
E-post-adres: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Oare bestjoersleden:

Drs. Y. Hiemstra, foarsitter fan it wurkferbân
E-post: yvhiemstra@hetnet.nl

D. den Hoed (0511) 53 95 58

J. Landheer (0511) 53 97 23
(tsjerkeriedslid, ponghâlder)

M. v. d. Molen (0511) 53 93 14
(tsjerkeriedslid)

J. Siderius (0511) 53 92 82
(tsjerkeriedslid)

A. de Vlas (0511) 53 93 13

G. Wester-Herder (0511) 53 92 08

A. Veldboom (0511) 53 92 86

Bankrekken fan it Frysk Oekumenysk
Wurkferbân Earnewâld:
Rabo Burgum e.o.: 34.98.14.058

Hiemside www.fowe.org

Neidat yn 2004 it beslút nommen wie om ta in eigen hiemside te kommen, hat it noch oant juny 2007 duorre foardat er definityf klear wie.

Om't ús meidielingsblêd De Earn mar 4 kear jiers ferskynt en fanwegen de kosten beheind bliuwe moat ta maksimaal 8 siden, hie it bestjoer ferlet fan in ekstra manier om de leden op de hichte te hâlden fan ús aktiviteiten.

Dat kin fansels fia E-post, mar noch folle noflikker is it hawwen fan in eigen side op it ynternet. Dat is fowe.org wurden, want fowe.nl wie al fersein en de komplete namme fan it wurkferbân like ús wat te lang. Jan Lautenbach hat de ynternetside makke en sil dy beheare.

Op de side steane yn alle gefallen:

- algemiene ynformaasje oer it wurkferbân en har aktiviteiten;
- de data fan de tsjerketsjinsten;
- stikken út de Earn (om te lêzen mar ek om yn te laden (NL: down te loaden);
- ynformaasje oer de Earnewâldster Rûnte en de data fan de lêzingen;

By ferkeard adres werom nei: Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld

- (gearfettings) fan hâlden preken ensfh.;
- Adressen fan alle bestjoersleden en leden fan de ER, sadat elkenien maklik kontakt mei ús opnimme kin.

Fansels binne ek bydragen fan ús tsjerke-gongers en besikers fan de ER wolkom, as se passe yn de opset fan de hiemside.

Bydragen kinne ynlevere wurde by:
jan.lautenbach@kpnplanet.nl

Wy stelle it ek op priis as minsken flaters yn de tekst of net wurkjende skeakels (links) oan ús trochjouwe. Wy hoopje dat der in soad gebrûk fan de side makke wurde sil.

It bestjoer fan it Wurkferbân

NB: yn gearwurking mei de oare Frysk Oekumenyske Wurkferbannen ha wy miend ek ien sintrale side opsette te moatten. Dat is wurden: www.fryskow.nl

Fia dy side kinne jo trochlinke of –skeakelje nei de hiemside fan alle wurkferbannen.

De tsjerketsjinsten en aktiviteiten fan de oare wurkferbannen steane dêr ek op.

As jo dit strookje weromstjoere, krije jo it earste jier in fergees abonnemint op ús nijsblêd 'De Earn'
Nei it earste jier stelle wy in frijwillige bydrage fan in pear Euro yn it jier tige op priis.

Namme :

Bertedatum:

Adres :

Postkoade :

Wenplak :

Tillefoan :

Opstjoere nei ien fan de yn dizze Earn neamde adressen. Fia E-post kin ek.